

A photograph of four children riding bicycles on a dirt path through a forest. The child in the foreground is wearing a green jacket and a red and white helmet. Other children in purple, blue, and maroon jackets are visible in the background. The scene is bright and natural.

# + Hoopfol Realistysk

útstellen foar in mienskip mei takomst

Gearfetting  
Ferkiezingsprogramma 2017-2021

**ChristenUnie**

+ Geef geloof een stem



# Ferkiezingsprogramma 2017-2021

## Gearfetting

De ChristenUnie kiest foar de takomst: in sûne, griene ekonomy, in ferantwurde klimaat- en enerzjybelied, goed en tagonklik ûnderwiis. Wy kieze foar in iepen mienskip mei romte foar elkenien en mei gelikense kânsen foar elkenien, ek op de arbeidsmerk, en foar in earlik en hâldber pensjoenstelsel. Wy wolle in lân wer't de kwaliteit fan wetter, lucht, beammen en natuer foarút giet. Wy komme op foar de frijheid om jo miening te uterjen en foar de frijheid fan godstsjinst, en ûnderwiis. In lân wêryn elkenien meitelt en meidocht, ek de minsken dy't soarch nedich hawwe.

Us ferkiezingsprogramma befettet ideeën en útstellen om ús doelen wier te meitsjen.

1. **Fersterkje de mienskip.**
2. **Bestindigje de oerheidsfinânsjes foar de takomst.**
3. **Meitsje it belestingstelsel ienfâldich, grien en earlik.**
4. **Befoarderje frede, frijheid en feiligens.**
5. **Ferbetterje it belied foar asyl, migraasje en yntegraasje.**
6. **Fersterkje de húshâldings.**
7. **Koezje ús ûnderwiissysteem.**
8. **Jou de soarch in hert.**
9. **Skep banen en hâld de sosjale wissichheid.**
10. **Meitsje de ekonomy tûk, grien en sûn.**
11. **Beweitsje en ferbetterje it leefmiljeu.**
12. **Meitsje in nij ûntwerp foar Europa.**
13. **Wês tsjinstber oan de wrâld.**
14. **Ynvestearje yn de regio.**

# 1. Fersterkje de mienskip

De ferskate befolkingsgroepen yn ús lân kinne allinne yn frede mei inoar omgean as wy de mienskiplike wearden en noarms heech hâlde. Dy wearden binne neffens ús: minsklike waardigens, lykwaardigens, leafde foar de neiste, ferdraachsumens, soarch foar de skepping en frijheid fan leauwen. Wy stean foar in demokratyske rjochtssteat wêryn frijheid en ferantwurdlikens hân yn hân gean. Om de mienskip te fersterkjen dogge wy neikommende útstellen:

## ⊕ **Fersterkje de ferbinende funksje fan de Grûnwet.**

De Grûnwet kriget in ynlieding wêryn de identiteit en dragende wearden fan ús mienskip beskreaun wurde. Dêrneist stelle we in Hânfêst op mei de plichten en ferantwurdlikheden fan burgers. Yn kêst 1 fan de Grûnwet wurdt it ferbod op diskriminaasje op grûn fan handicap of aard opnommen. Ek wurdt it rjocht op libben fêstlein. Der komt in Constitutioneel Hof dat wetten hifkje mei oan de Grûnwet. De Nederlânske en de Fryske taal, lykas de gebeartetaal, wurde yn de Grûnwet ferankere.

## ⊕ **Fier maatskiplike tsjinstplicht yn.**

De tsjinstplicht fan 6 moanne is fleksibel te ferfoljen tusken it 18e en 28e libbensjier. It hat ta doel it ûntwikkeljen fan sosjale kompetinsjes, aktyf boargerskip en tsjinstberens. De fergoeding kin brûkt wurde om de stúdzjeskuld ôf te lossen.

## ⊕ **Geef burgers meer zeggenschap.**

Jou burgers mear sizzenskip. Burgers krije de kâns om in koöperatyf bestjoer te foarmjen wêr't it giet om gebouwen of grûn mei in maatskiplike funksje. Wy wolle de politike stabilens fan ús lân fuortsterkje. As in kabinet tuskentiids falt, wurdt der sûnder ferkiezings in nij kabinet foarme. Der komt gjin kiesdrompel foar partijen, om't it publike domein plurifoarm is. It is wichtich dat der utering jûn wurde kin oan it ferskaat oan tinkwizen.

## 2. Maak de overheidsfinanciën toekomstbestendig

De overheidsfinanciën binne mei de nedige, fakentiids pynlike maatregels op oarder brocht. Om de overheidsfinanciën toekomstbestendig te meitsjen, dogge wy de neikommende útstellen:

- ⊕ **Hanthavenje de begruttingsrigels.**
- ⊕ **Leer fan it ferline.**  
Kom nije kredytbobbels tefoaren, gean werom nei normale rintenivo's.

## 3. Meitsje it belestingstelsel ienfâldich, grien en earlik

Wy wolle in nij, gesins- en famyljefreonlik belestingstelsel wêrby belesting betelle wurdt nei draachkrêft. Hjirfoar dogge wy de neikommende útstellen:

- ⊕ **Ferleegje de belesting op wurk.**  
Der komme twa tariven: in basistaryf fan 35 prosint foar ynkommens oant € 70.000 en in taryf fan 49 prosint foar ynkommens dêrboppe. Alle ôflûkposten wurde ôflûkber tsjin it basistaryf. Ynkommen út fermogen en ynkommen út wurk wurde op gelikense wize behannele.
- ⊕ **Stel húshâldings mei in minimumynkommen en bern fan 0-5 jier frij fan belesting.**
- ⊕ **Hef it ûnderskied tusken belesting en preemjes foar de folksfersekerings op.**
- ⊕ **Meitsje salarissen, heger as dat fan ministers, en boanussen net mear ôflûkber fan de winst.**
- ⊕ **Meitsje jeften oan goede doelen foar algemien nut en sosjaal belang fiskaal oantreklik.**

## 4. Befoarderje frede, frijheid en feiligens

Yn ús demokratyske rjochtssteat giet frijheid tegearre mei ferantwurdlikens. Elkenien moat op basis fan lykweardigens mei dwaan kinne. Wy jouwe romte en beskerming foar minderheden.

### ⊕ **Beitsje oer de frijheid om te leauwen en om fan leauwen te feroarjen.**

Wy binne tsjin it ferbieden fan it besnijen fan jonges en tsjin it ferbieden fan it ritueel slachtsjen. Wy wolle ûnfrijheid tsjingeane; dus gjin finansiering fan ynstitúsjes troch ûnfrije lannen, gjin poadium foar prekers fan haat en gjin klaaiing dy't it antlit ôfdekt yn oerheidsynstallings, ûnderwiis en iepenbier ferfier. Wy wolle gelikense omgongsfoarmen foar mannen en frouwen yn oerheidstsjinst en ûnderwiis (sa as it inoar in hân jaan). Wy stypje de befeiliging fan joadske ynstallings.

### ⊕ **Weitsje oer de feiligens.**

De strafrechtkeat wurdt fuortsterke troch Justysje, de rjochtljke macht en de plysje foldwaande middels te ferskaffen. Der komt wer ûnderskied tusken de ministearjes fan Feiligens en Justysje. We wolle mear wykplysjes: minimaal 1000 derby, mei nammen yn wiken mei problemen. Wy yvestearje yn bettere trening en beleaning foar dy plysjeminsken.

### ⊕ **Kom op foar publike gerjochtichheid:**

- **Bestriidzje terrorisme ek tichteby hûs.** Wy sette yn op leefbere, feilige buerten en it ier sinjalearjen fan radikalinearjen. Wykplysjes, jongereinwurkers, strjittecoaches en reklasearingsamtners ha dêrby in wichtige rol.
- **Bestriidzje (soft)drugs.**
- **Draai de legalisearring fan prostitúsje werom.** Prostitúsje fasilitearret minskehannel. Wy wolle in poaierferbod ynfierje en de klant strafber stelle yn stee fan de prostituee. De minskehannel wurdt mei mear (minske)krêft tsjingien.
- **Bied beskerming tsjin seksueel en húsljke geweld.** Der komme mear opfangplakken foar slachtoffers fan geweld dat mei earwraak fan dwaan hat. It fersprieden fan seksueel tinte foto's fan oaren wurdt strafber.
- **Beskermje de (digitale) privacy fan minsken.** Der komt in ekspertizesintrum dat ynformaasje jout oer big data en de beskerming fan privacy. De Autoriteit Persoonsgegevens nimt de kontrôle op him oer it omgean fan de oerheid mei big data. De wetjouwing rûnom privacy, transparânsje fan de oerheid en argiven wurdt oanpasse oan it digitale tiidrek.

## 5. Ferbetterje it belied foar asyl, migraasje en yntegraasje

De stream fan asylsikers, de opfang en de yntegraasje problemen sette de ferhâldings binnen Europa en yn Nederlân op skerp. Wy hâlde fêst oan wearden dy't yn it Flechtlingeferdrach en de minskerjochtenferdragen fêststeld binne en ynvestearje yn ûntwikkelingsgearwurking en needhelp. Wy wolle in minsklike wurkwize yn de asylopfang en dogge dêrom de neikommende útstellen:

### ⊕ **Ferbetterje it asylbelied.**

- **Ferbetterje de opfang yn de regio hwêr't flechtlingen weikomme.**
- **Meitsje in Europeesk systeem foar ferdieling fan flechtlingen.**
- **Ferbetterje de beoardieling fan asyloanfragen.** Mear omtinken foar bekearlingen, slachtoffers fan minskehannel, en froulju en famkes dy't út omkriten komme hwêr't froulju der ûnder hâlden wurde of risiko rinne op genitaal skeinen.
- **Ferbetterje de opfang fan asylsikers en bied mei faasje dúdlikens oer de kâns om hjir bliuwe te kinnen.** It tal ferhuzingen binnen Nederlân wurdt beheind, sadat minsken in netwurk opbouwe kinne en bern op deselde skoalle bliuwe kinne.
- **Meitsje in helder weromkearbelied.** We sykje gearwurking mei oare Europeeske lannen om ferplichte weromkear mooglik te meitsjen. Utprosedearde frjemdlingen krije in bêd-bad-breafoarsjenning en begelieding wêrtroch in nij takomstperspektyf ûntstean kin. As immen in jier oan syn fuortgean wurke hat, mar bûten syn skuld net werom gean kin nei it lân hwêr't er weikomt, kriget hy in ferbliuwsfergunning.

### ⊕ **Begjin fuortdalik mei yntegraasje.**

Asylsikers krije fuortdalik taalles en meie frijwilligerswurk of staaize dwaan. We sette fuort útein mei de oerdracht fan Nederlânske wearden en litte asylsikers in loyaliteitsferklearring ûndertekenje hwêryn't hja de rjochtssteat en wearden fan godstsjinstfrijheid, lykweardigens en rjochten fan minderheden ûnderskriuwe.

## 6. Fersterkje de húshâldings

Bern dy't yn in stabile húshâlding grut wurde, krije in fêst fundearre basis foar harren libben. Om húshâldings mear romte te jaan om in eigen kar te meitsjen, ek yn de balâns tusken soarch en wurk, dogge wy ûnder mear de neikommende útstellen:

### ⊕ **Jou romte foar húshâldings:**

- **Ferlingje it kreamferlof nei de berte.** Wy ferlingje it ferlof foar de kream nei 20 wiken en it ferlof foar it heit-wêzen nei 10 dagen.
- **Ferheegje de bernetaslach.** Foar alle bern jild itselde bedrach oan bernetaslach. It oan it bern bûne budzjet foar it twadde en dêrnei kommende bern wurdt ferhege.
- **Ferromje de mantelsoarchregelings.** Der komme rommere ferlofregelings foar mantelsoargers en in mantelsoarchfûns hwêr't de wurkjouwer oermjittige kosten yn rekken bringe kin.

### ⊕ **Fersterkje húshâldings.**

Wy wolle dat âlders effektive stipe krije, yn de foarm fan âlderskipskursussen fia konsultaasjeburo's en sa nedich relaasjeterapy. Relaasjeterapy wurdt fergoede út it basispakket fan de soarchfersekering.

### ⊕ **Bied effektive stipe.**

Skoallen wurde belutsen by de jeugdhjelp. Net troch learkrêften te belêstigen mei soarchtaken, mar troch ekspertize en ienfâldige soarch yn de skoalle te bringen, wêrmei't bern en âlders mei faasje de nedige stipe en help krije. Der komt in nasjonaal programma om bernemishanneling en ferslaving tsjin te gean. Der komt ek mear foarljochting oer digi-feiligens; it bewust en feilich omgean mei ynternet en sosjale media.

## 7. Koezje ús ûnderwiissysteem

Nederlân hat in sterk ûnderwiissysteem. Alders kinne kieze foar ûnderwiis dat oanslút by harren opfieding en libbensoertsjûging. De ChristenUnie ferdigenet troch alles hinne de frijheid fan ûnderwiis:

### ⊕ **Jou bern gelikense kânsen.**

⊕ **Jou skoallen betrouwen en soarchje foar rêst; dus minder regels en mear romte.**

⊕ **Hâld de mooglikheden om yn hiel Nederlân in frije kar te meitsjen.**

Wy ferleegje de noarmen om romte te meitsjen foar it stichtsjen fan nije skoallen en it iepenhâlden fan skoallen mei in sterke identiteit.

⊕ **Stypje leararen en skoallieders.**

Wy wolle mear masters en learkrêften út minderheidsgroepen yn it basisûnderwiis.

⊕ **Soarchje foar pasjend ûnderwiis.**

De finansiering fan spesjaal ûnderwiis wurdt ienfâldiger makke. Bern mei in beheining of in groanyske sykte krije ûnderwiis dat op harren ta snien is.

⊕ **Ynvestearje yn de ferskate lagen fan ûnderwiis:**

- **B Basis en fuortset ûnderwiis:** wy ynvestearje yn de kwaliteit fan ûnderwiis yn omkriten hwêr't krimp is en ek oan learlingen mei in efterstân en bern fan flechtlingen. Bern leare de Nederlânske taal, mar krije ek les yn kultuer, wearden en boargerskip. Beukers wurde net hifke en der komt gjin plicht om nei skoalle foar bern oant 4 jier. Praktykûnderwiis bliuwt in aparte, folweardige foarm fan ûnderwiis.
- **Beropsûnderwiis:** der komme mear master-feintplakken en mear jild foar kostbere vmbo- en mbo-opliedings dy't relevant binne foar de arbeidsmerk. Studinten krije as it nedich is yntinsivere begelieding. We slute in staazjeferdrach om mbo-studinten mear staazjes te bieden.
- **Heger ûnderwiis: wy skaffe it lienstelsel ôf.** De basisbeurs komt werom. We hanthavenje de iepenbier ferfierskaart. We beskermje geasteswittenskippen en lytse talen, foaral as it de lêste oplieding is. We stelle in maksimum oan it kolleezjejild foar in twadde stúdzje.
- **Undersyk en wittenskip:** der komt ekstra jild foar wrâldwiid foaroprinnend ûndersyk mei grutte maatskiplike útwurking. We wolle ynternasjonale ûndersikers behâlde en oanhelje. We stipulearje bêta en technyk troch de ûndersyksynfrastruktuer yn it heger ûnderwiis fuort te sterkjen en de kapasiteit fan eksakte en technyske stúdzjes út te wreedzjen.



## 8. Jou de soarch in hert

De soarch moat tagonklik en betelber bliuwe. Wy achtsje solidariteit nei inoar en neikommende generaasjes fan grut belang. Der is de lêste jierren in soad feroare, wêrby gemeenten in grutte ferantwurdlikens krigen hawwe. Dy rjochting is goed, mar op punten is bystjoeren nedich.

### ⊕ **Regelje de soarch tichteby minsken.**

Gemeenten keapje soarch yn op basis fan priis en kwaliteit. Wykferpleechkundigen en húsdokters binne de spil yn it soarchnetwurk yn de buert. Wy ynvestearje yn beskerme wenjen en yn soarch foar minsken mei GGZ-problematyk, troch 24/7 ambulante psychyske soarch yn de wyk, ynrinuzen en time-out foarsjennings foar koartduorjende opname.

### ⊕ **Ferbetterje de soarch foar de âlderein.**

Soarchprofessionals fertsjinje betrouwen. Tegearre mei kliïnten en mantelsoargers bepale hja wat de bêste soarch is. Alderen en harren neisten hâlde sels sa folle mooglik de rezjy. Soarch dy't net spesifyk yn it sikehûs heart, falt ûnder de Soarchfersekeringswet. Der komme mear casemanagers demintens. Fersoargingshûzen op it plattelân wurde safolle mooglik iepenhâlden. De finansiering fan hospices en palliatieve soarch wurdt goed regele.

### ⊕ **Ynvestear foar minsken mei in beheining.**

Meidwaan moat foar eltsenien gewoan wêze. Bern mei in earnstige beheining moatte thús opgroeie kinne. Bern mei in (ferstanlike) beheining krije safolle mooglik pasjend ûnderwiis. Wy meitsje in agenda foar de ferbettering fan de kwaliteit fan de soarch foar handicapten.

### ⊕ **Bring merk en minske wer yn lykwicht.**

Wy ynvestearje yn gearhingjende soarch en in sterke earste line. De ferhâldings tusken soarchfersekerders, soarchferlieners en fersekeren binne út balâns. Dêrom stelle wy in maksimale omfang foar soarchfersekerders fêst. It oantal poalissen wurdt úttinne. It ferplichte eigen risiko wurdt flink ferlege. Spesjalisten gean yn leantsjinst.

### ⊕ **Fersterkje de sizzen yn de soarch.**

It oan de persoan bûne budzjet wurdt yn alle soarchwetten ferankere en is tagonklik, fleksibel en moat genôch wêze om pasjende soarch yn te keapjen. Fersekeren krije mear te sizzen oer it ynkeapbelied fan soarchfersekerders. Pasjinte-organisaasjes binne wichtich foar it kontakt tusken lotgenoaten, mar sille ek stypje by selssoarch. Soarchfersekerders stelle hjir middels foar beskikber.

### ⊕ **Ynfestearje yn previnsje.**

Wy wolle earlike ynformaasje op etiketten en in wetlike regeling foar in sûnere produktgearstalling, dus gjin slûpsûkers yn iten en drinken. Soarchfersekerders en gemeenten moatte tegearre oparbeidzje yn it stâl jaan oan previnsje. Der komt in previnsjefûns wêr't fersekerders oan bydrage. It tal plakken foar ferkeap fan alkohol en tabak wurdt flink beheind. We wolle it brûken fan softdrugs en partydrugs ûntmoedigje en tefoaren komme.

### ⊕ **Meitsje tiid foar etyske refleksje.**

De medyske wittenskip jout ús in soad goeds, mar moat alles wat kin ek meie? Der komt in nij wetlik kader foar prekonseptuele en prenatale screening en periodike besinning op technologyske ûntwikkelings. De grins foar abortus giet nei ûnderen, yn elts gefal nei maksimaal 18 wiken. Eutanasy falt net ûnder normaal medysk hanneljen. Dat minsken it beëinigen fan harren libben as iennige útwei sjogge moat tefoaren kommen wurde. Froulju dy't ûnbedoeld yn ferwachting reitsje krije bettere help. Teenermemmen krije help by húsfêsting, finânsjes, oplieding en opfieding. De palliative soarch wurdt ferbettere. We binne tsjin it aktyf donorregistraasjesysteem, mar foar aktive promoasje troch de oerheid.

## 9. Skep banen, hâld de sosjale wissichheid

Us ideaal is: jongfolk hurder in fêste baan, in wurkleaze âldere wer oan it wurk, frije kar foar jonge âlders om wurk en soarch te kombinearjen en te ferpartsjen. Om dat ideaal te berikken, dogge wy ûnder mear de neikommende útstellen.

### ⊕ **Jou minsken mear wissichheid.**

Der komt in ferplichte arbeidsûngeskiktensfersekering foar zzp'ers. De kleau tusken fêst en fleks wurdt lytser makke. Fleksibele kontrakten sille oprinnend langer duorje.

### ⊕ **Ferleegje de wurkjouwerslesten by sykte.**

Lytse wurkjouwers wurde net twa, mar ien jier belêste mei trochbeteljen fan lean oan sike wurknimmers. De preemjetrochbetelling fan tsien jier foar gruttere bedriuwen wurdt ek ynkoarte.

### ⊕ **Meitsje wurk mear leanjende.**

De belesting op wurk giet nei ûnderen om romte te kreëarjen foar banen.

### ⊕ **Kreëar earlik wurk foar elkenien.**

Aldere wurknimmers krije ek learrjochten. Der komme goede regelingen foar mantelsoargers en mear fleksibele wurktiden foar it kombinearjen fan soarch en wurk. Arbeidsmerkdiskriminaasje wurdt tsjingien, ûnder mear troch anonym sollisitearjen mooglik te meitsjen. Wy achtsje de snein as rêstdei fan grut belang; sneinswurk mei wegere wurde. Undernimmers meie net ûnder druk set wurde om harren wikel op snein te iepenjen.

### ⊕ **Biedt kânsen oan minsken mei in beheining.**

De oerheid nimt mear minsken mei in wurkbeheining yn fêste tsjinst. It wurdt oantrekliker makke om minsken mei in wurkbeheining yn tsjinst te nimmen of tsjinsten yn te keapjen by in bedriuw dat foar in grut part wurket mei minsken mei in wurkbeheining.

### ⊕ **Jou minsken mei skulden in nije kâns.**

Der komt in lanlik skuldhelptrajekt foar elkenien mei skulden, ynklusyf begelieding en budzjetbehear. Ynkassoburo's wurde hurd oanpakt om in ein te meitsjen oan misstannen.

### ⊕ **Bou in solidêr en hâldber pensjoenstelsel.**

Wy wolle in nij stelsel. Dielnimming bliuwt ferplicht om de risiko's kollektyf diele te kinnen, mar dielnimmers bouwe in persoanlik pensjoentsje op. De oergong nei it nije stelsel bart op in lykwichtige wize.

## 10. Meitsje de ekonomy, tûk, grien en sûn

De ekonomy draait net om groei, mar om it goede libben. Yn in sûne ekonomy stean koöperative relaasjes sintraal, kriget elkenien in kâns en nimt elkenien ferantwurdlikens. Wurkje en frije tiid binne yn lykwicht, groei is duorsum, skulden binne hâldber en wolfeart wurdt earlik ferparte. Om dat te berikken dogge wy de neikommende útstellen:

### ⊕ **Befoarderje ûndernimmerskip.**

Undernimmers binne hurd nedich om tegearre mei de oerheid de needsaaklike transysjes yn ús wrâld te realisearjen (publyk-private gearwurking). We stimulearje it midden en lyts bedriuw, ynnovative yndustry, jonge startende ûndernimmers, trochgroeiers en sosjale ûndernimmers, bygelyks troch harren kânsen te jaan by oerheidsoanbestegings. De regeldruk en lêsten op wurk gean del. Risiko's wurde minder ôfrôle op de wurkjouwer.

### ⊕ **Meitsje in langjierrich yndustrybelied.**

### ⊕ **Stimulear starters en trochgroeiers mei spesifike regelingen foar starters.**

### ⊕ **Stel maatskiplik ferantwurde ûndernimmerskip as noarm.**

By de evaluaasje fan subsydzjeregelingen en hannelsoerienkomsten wurde de minskerjochten meinommen. Slachtoffers fan skeiningen fan minskerjochten krije tagong ta it rjocht en foldwaning. De duorsumens en sosjale útwurking fan produkten kinne trasearre en sichtber makke wurde.

### ⊕ **Fersterkje it sosjaal ûndernimmerskip.**

Sosjale ûndernimmings krije in eigen rjochtsfoarm en mear kânsen by de ynkeap fan de oerheid.

### ⊕ **Meitsje banken tsjinstber oan de mienskip.**

Der komme noch strangere kapitaalseasken foar banken. Wy wolle in takomstbestindich garânsjestelsel foar deposito's, wêroan banken mei in heger risikoprofyl mear bydrage.

### ⊕ **Jou boeren en tûnders perspektyf.**

Ferkeap fan fiedsel ûnder de kostpriis wurdt ferbean. Foar dierfreonlike produkten wurdt in earlike priis betelle. It weidzjen wurdt stimulearre, mar net ferplicht stelt. It brûken fan antibioatika wurdt tebekdreaun. Nije koöperaasjes wêryn boeren en tûnders tegearre sterk stean tsjinoer grutte ynkeaporganisaasjes sille frij paad hawwe. Sa nedich wurdt de konkurrinsjeregeljouwing oanpasse. De Autoriteit Consument en

Markt wurdt Autoriteit voor Mens, Milieu en Markt en hifket net allinne op de priis foar konsuminten, mar ek op de priis foar de boer, duorsumensaspekten, ferskaat en kwaliteit fan fiedsel. De Nederlandse Voedsel en Warenautoriteit kriger ekstra middels om de fiedselfeiligens te kontrolearjen.

- **Oefenje ynfloed út op it Europeesk Mienskiplik Lânboubelied.**

De fiedselproduksje binnen Europa wurdt mear regionaal organisearre, sadat we minder ôfhinklik binne fan soaja-ympoort en de miljeudruk ferleegje. We sette yn op ynnovaasje en in klimaat-tûke lânbou. Nederlân bliuwt him fersetten tsjin trâns- genetysk modifisearre gewaaks wêrby oer de grinzen fan it soart hinnegien wurdt.

- **Gean yn tsjin it fergriemen fan iten.** Oerskot fan iten giet nei de fiedselbank. Oerstellige data fan hâldberens wurde skrast. It 2-oerenkritearium foar farske produkten yn de hoareka wurdt ferlinge nei 4 oeren.

- ⊕ **Jou de fiskerij in takomst.**

De 'aanlandplicht' (it ferplichte oan lân bringen fan alle byfangst) wurdt ôfskaft. Dit is priisferheegjend en fergriemerij. Duorsume ynnovaasjes krije mear romte. Wy stypje it Masterplan Duurzame Visserij sadat Nederlân hjir koprinner yn bliuwt.

## 11. Beweitsje en ferbetterje it leefmiljeu

Nederlân hat de kâns en de ferantwurdlikens om kar te meitsjen foar in duorsume takomst: Leefber, grien en skjin. Wy dogge ûnder mear de neikommende útstellen:

- ⊕ **Set yn op in duorsume en sirkulêre ekonomy.**

- **Realisearje de enerzjytransysje yn de tiid fan ien generaasje.** Wy ynvestearje yn skjinne enerzjy en yn enerzjybesparring. Húshâldens wekke sels harren enerzjy op. We wolle in Enerzjykommissaris en in Nasjonaal plan enerzjytransysje om dit doel wier te meitsjen. Ontwikkelingslannen krije stipe om harren ta te rieden op ekstreme droegens of oerstreamings.
- **Ynvestearje yn skjinne enerzjy.** Wy biede ynvestearingswissichheid foar selsopwekke elektrisiteit, oant enerzjyopslach foar húshâldens in serieuze opsje is. We wolle mear wynparken op see, ôfbou fan koalesintrales, gjin nije kearnsintrales en gjin opslach fan CO<sub>2</sub>.
- **Ferminderje de gaswinning.** De gaswinning yn Grinslân hat de feiligens en leefberens fan ynwenners oantaast en in soad ymmateriële skea oanrjochte. Wy wolle faasje efter it ôfbouwen fan de gaswinning, fuortdaliks fersterkjen fan wennings op kosten fan de NAM, ûnôfhinklike skeabeoordieling en romhertige kompensaasje foar dupearren. De provinsje Grinslân wurdt foaroprinner by tapassing fan ynnovative enerzjytransysje en besparring.



- **Set gong efter de sirkulêre ekonomy.** De kritearia foar duorsum ynkeapjen troch de oerheid wurde stranger. De komme rjochtlinen om produkten sa te ûntwerpen dat se klear binne foar de sirkulêre ekonomy. Bedriuwen wurde ferplichte ta weromwinnen en recycling.
- ⊕ **Meitsje ferkear tûker, skjinner en suniger.**  
Diken wurde better benutte as beprizing foar it gebrûk fan auto's - en foar frachtferkear in kilometerheffing ynfierd wurdt. De maksimumsnelhyd giet werom nei 120 km de oere. We meitsje mear fytsneldiken en bettere fytsfoarsjennings. Yn de loft- en skipfeart wurdt CO<sub>2</sub>-beprizing ynfierd.
- ⊕ **Ferbetterje it iepenbier ferfier.**  
We sette yn op reistidferbettering, frekwinsjeferheging, mear direkte ferbinings, bettere tagonklikens foar minsken mei in beheining en kapasiteitsútwreiding.
- ⊕ **Richtsje de romte mei mear leafde yn.**  
Romtlike beslissings wurde sa mooglik lokaal nommen. We stimulearje de bondeling en it fertichtsjen fan ferstedsking en bedriuwichheid en it op 'en nij brûken fan gebouwen. De oerbleaune iepen lânskippen wurde beskerme. We ynvestearje yn rekreaasjegebieten yn en om de stêden hinne. Krimpregio's bliuwe leefber troch de ekonomy struktureel te fersterkjen en foarsjennings berikber te hâlden.
- ⊕ **Meitsje de wenningmerk sûn.**  
Der wurde mear wenningen boud, foaral betelbere hierwenningen yn de frije sektor. De hierdersheffing wurdt ôfskaft. Keapje en hieren wurdt mear gelyk behannele, om de kleau tusken keapjen en hieren lytser te meitsjen. Starters op de wenningmerk hoege gjin oerdrachtsbelesting te beteljen.
- ⊕ **Ynvestearje yn wetterfeiligens en skipfeart.**  
Wy ynvestearje yn it mei faasje útfieren fan it Deltaprogramma. We ferbetterje de wetterkwaliteit troch oanpak by de boarne. We ferbiede beskermingsmaatregels foar gewaaks op ferhurding en terreinen. We ynvestearje yn in sterke en skjinne binnenfeart, hegere brêgen, bredere slûzen en djippere kanalen.
- ⊕ **Meitsje mear wurk fan natuerbeskerming.**  
Wy hanthavenje it Nasjonaal Nateurnetwurk en ferbetterje it Natura-2000-belied. Nasjonale lânskippen en parken wurde beskerme. De jacht is wichtich foar it bestriden fan skea en it behear fan de populaasje, mar it behear moat transparant en planmjittich wêze.
- ⊕ **Behoedzje it kulturele klimaat, erfgoed.**  
We ynvestearje 100 miljoen euro yn it ûnderhâld en it mooglik op 'en nij bestimmen

fan Ryksmonuminten, mei bysûndere oandacht foar tsjerklik erfgoed. Wy soarchje der foar dat bern brede tagong krije ta kultuer en stypje talintúntwikkeling en ûndernimmerskip yn kultuer.

⊕ **Hâld it publike omropbestel yn stân.**

De publike omrop fertsjintwurdiget de pluriformiteit fan de mienskip. De omroppen binne ûnôfhinklik en gean sels oer de ynhâld en foarm fan harren programma's. It lokale en regionale media-oanbod bliuwt op peil.

## 12. Meitsje in nij ûntwerp foar Europa

It Europeeske bouwurk is basearre op boutekeningen út de jierren 50 fan de foarige iuw. Wy wolle de EU klearmeitsje foar 2050. Dêrom dogge wy ûnder mear de neikommende útstellen:

- ⊕ **Gean werom nei it oarspronklike doel.**

De EU is oprjochte om de frede, feiligens en wolfeart op ús kontinint te beskermjen. Wy wolle it inisjatyfrjocht fan de Europeeske Kommisje beheine. De belutsenens fan nasjonale parleminten wurdt fergrutte troch in needremproseduere. Wy binne ôfhâldend by útwreiding fan Europeesk foech en by de oansluting fan nije lidsteaten. De oanslutingsûnderhannelings mei Turkije wurde staakt.

- ⊕ **Meitsje dat we it asyl- en migraasjefraachstik master binne.**

Der komt Europeeske kontrôle by de bûtengrizen, ynklusyf de earste seleksje fan asylsikers. Minskehannelers en slúkers wurde hurd oanpakt. De kwaliteit fan de opfangsintra yn Italië en Griekenlân wurdt ferbettere. Lidsteaten dy't gâns minsken opfange, krije mear middels út Europeeske struktuerfûnsen.

- ⊕ **Hâld de euro, mar lit dat net alles kostje.**

Lannen dy't stelselmjittich net foldogge oan de kritearia foar de mienskiplike munt moatte de eurosône ferlitte. Wy wolle gjin Europeesk ekonomysk bestjoer, mar wol in Europeeske autoriteit dy't hanthavenet en tasicht hâldt op it neilibjen fan de begruttingsregels. Gjin Europeeske minister fan finânsjes, mar wol mear demokratyske kontrôle fan de Eurogroep. De keppeling tusken de Europeeske Monetêre Uny en de EU wurdt loslitten. Der komme Europeeske ôfspraken oer it beteljen fan belesting troch bedriuwen: as min winst makket of ynkommen kriget wurdt belesting betelle.

- ⊕ **Meitsje hannelsferdraggen foar duorsume groei.**

Hannelsferdraggen foldogge oan in sosjale, duorsume en juridyske ûndergrins. Lânbou en fiedselfoarsjenning bliuwe dêrbûten.

- ⊕ **Meitsje Europeeske lânbousubsydzjes griener en simpeler..**

## 13. Wês tsjinstber oan de wrâld

Wy wolle nasjonale belangen en de ynternasjonale rjochtsoarder beskermje. Wy sille geweld en agresje tsjingeane en de geastlike frijheid en kulturele rjochten fan minderheden respektarje. Wy befoarderje it neilibjen fan ferdragen en in ferantwurde brûken fan de ierde. We wolle tsjinstber wêze oan de wrâld.

- ⊕ **Soarchje foar in oannimlik en betrouber, gearhingjend minskerjochtenbelied.**

- ⊕ **Befoarderje de frijheid fan godstsjinst.**

We sette ús yn foar minsken dy't ferfolge wurde om harren leauwen. We wolle allinne hannel driuwe mei lannen dy't de frijheid fan godstsjinst respektarje.

- ⊕ **Stypje in rjochtfeardich fredesproses yn it Midden-Easten.**

Der moat rjocht dien wurde oan de feiligens fan Israël en oan de rjochten fan Palastijnen. Dêrom binne wy foar rjochtfeardige frede en erkende grinzen, foar in minskweardich bestean foar ynwenners fan de Palastijnse gebieten en foar ekonomyske gearwurking hwê't beide partijen foardiel fan hawwe. Wy binne foar fersoeningsprojekten, mar tsjin in boycot fan Israël.

- ⊕ **Doch rjocht oan it ferline.**

Wy hawwe histoaryske ferplichtings tsjinoer Papoea's en Molukkers. Wy sille de rjochtshanhavening yn it Caribysk part fan it Keninkryk fersterkje. Datselde jild foar it ynvestearings- en fêstigingsklimaat en it toerisme. De sosjale foarsjennings op Bonêre, Sint Eustatius en Saba, iepenbiere lichems fan Nederlân, wurde op peil brocht. We ynvestearje yn ûnderwiis.

- ⊕ **Ferheegje it budzjet foar ûntwikkelingsgearwurking nei 0,7 prosint fan it BNP.**

De oarsaak fan migraasje wurdt oanpakt troch de basisbetingsten yn ûntwikkelingslannen fuort te sterkjen, lykas in sterke rjochtssteat, goede fiedselfoarsjennings en skjin drinkwetter. Wy wolle de earmste lannen hjiryn as earste help biede. Us regels en hannelssystemen meie net neidielich útpakke foar ûntwikkelingslannen. Wy stean foar earlike hannel, in leefber lean en earlike belesting. Wy sille belestingûntdûking tsjingeane. Hannelsbelangen binne basearre op duorsumens, groei mei romte foar minske en miljeu en profyt foar alle dielnimmers.

- ⊕ **Ferheegje it definsjebudzjet. Wy wolle in kriichsmacht dy't beskermje, yntervenearje en stabilisearje kin.**

Dêrom ferheegje we it definsjebudzjet mei stapkes nei de NAVO-noarm fan 2 prosint BNP. We ynvestearje yn technologyske fernijing en yn cyberkennis- en middels. Mearjierrige budzjetôfspraken jouwe dúdlikens oer ús ynset en mooglikheden. De ynvestearings yn Definsje komme t'en goede oan de wurkgelegenheid yn krimpregio's.

- ⊕ **Befoarderje de frede en stabilens yn de wrâld.**

It Europeeske bûtenlân- en feiligensbelied wurdt fuortsterke. Wy sjogge militêre misjes as ûnderdiel fan in bredere strategy om frede en stabilens yn gebieten te bringen.

- ⊕ **Soarchje foar militêren.**

Wy wolle in goed personielsbelied en goede soarch foar feteranen. Militêren hawwe rjocht op geastlike fersoarging, asl ûnderdiel fan harren etyske en morele foarming.

## 14. Ynvestearje yn de regio

De regio's bliuwe sterk en leefber, sosjale ferbannen bliuwe bestean. Om dat te berikken, dogge we ûnder mear de neikommende útstellen:

- ⊕ **Fersterkje de regionale ekonomy en de wurkgelegenheid.**

Stypje programma's foar ynnovaasje en it duorsum meitsjen fan sterke ekonomyske klusters. Soarchje foar fluch ynternet yn hiel Nederlân.

- ⊕ **Ferbetterje de berikberens.**

Wy ynvestearje yn lightrail en busbanen en goede efterlânferbinings. We ferbetterje de knooppunten Hooipolder en Barneveld en skrasse de plande tolheffing op de Blankenburgferbining en de A15 Arnhem-Zevenaar.

- ⊕ **Stimulearje de binnenfeart.**

Wy ferheegje brêgen, ferbreedzje slûzen en ferdjippe kanalen om it farwegenet robúster te meitsjen. Fergrutsjen fan de slûs by Kornwerdersân hat prioriteit. We meitsje in koarte rûte nei Dútslân troch in ferbining tusken it Twentekanaal en it Mittellandkanaal oan te lizzen.

- ⊕ **Meitsje in aksjeplan Spoor.**

De reistiden tusken Noard-, East- en Súd-Nederlân en de Rânestêd wurdt koarter makke. We wolle mear kapasiteit en direkte ferbinings. Grinsregio's wurde better ûntsletten. Diseltreinen wurde dêr't it kin ferfongen troch elektryske treinen. We sette yn op aparte korridors foar frachtferfier om stêden de doarpen te ûntlêstgjen.